

[0094]

## FORANTWURDING

Omdat de yn 1952-1957 by Fedde Dykstra to Ljouwert makke jiergongen 1-6 fan dit tydskrift al lang net allegearre mear to krijen, wiene like in werprintinge yn ien omslach ús de baes ta. En mei't dy werprintinge fotomechanysk pleatshawwe moast, wie byhelfen fan in âld eksemplaer needsaeklik; dêrby is tagelyk de forkearde sidenûmering yn de jiergongen 1 en 4 rjochtset, wylst ek hjir en dêr yn de rubryk *Oarkundefynsten* in forbettering meinommen is. Side 5/97 is oerbrocht nei de siden 5/49, 5/96 en 6/48. De *Oanfolling* fan side 5/49 is forarbeide op side 5/1. Fan de net ûnderskreaune stikken binne yn de ynhâldsopjefte de skriuwersnammen oernommen fan de omslaggen en út ynterne oanwizingen.

Om't de âlde omslaggen net werprinte binne, is it hjir it plak om op to jaen hwa't de samlers west hawwe fan dizze earste seis jiergongen. Dat wiene neffens it abie: jf. U.J. Boersma (UJB), J.H. Brouwer (JHB), W.J. Buma (WJB), jf. A. Feitsma (AF), P. Gerbenzon (PG), jf. J.J.H.M. Hanenburg (JJHMH), H. Heeroma (HH), C. Hemminga (CH), M. Oosterhout, (MO), jf. J. Ras (JRa), jf. J. Riemersma (JRi), A. Vellema (AV), jf. A.A. Westra (AAW). Acht kear is de redaksje foroare, hwat lykoprint mei foroaringen yn 'e bisetting fan it Frysk Ynstitút; it steatsje hjirûnder jowt oan hoe:

jg.1		JHB - PG - MO - UJB				
jg.2	nû.1-3	JHB - PG - MO - UJB - JJHMH				
jg.2	nû.4	JHB - PG - MO - JRi - JJHMH				
jg.3	nû.1	JHB - PG - MO - JRi - AAW				
jg.3	nû.2-4	JHB - PG - MO - JRi - AAW - AF				
jg.4		JHB - PG - MO - JRi - AAW - AF - AV				
jg.5	nû.1-2	JHB - PG - MO - CH - AAW - AF - AV				
jg.5	nû.3-4	WJB - PG - MO - CH - JRa - AV				
jg.6		WJB - PG - MO - JRa - AV - HH				

Teffens moat hjir fêstlein wurde hwat de omfang en de datearring fan de nûmers west hat. De jgg. 1-3 bistiene elkmes út fjouwer nûmers fan 16 siden; yn 1952 wiene dy datearre op selle-, gers-, simmer- en wintermoanne,- yn 1953 op selle-, blomme-, haei- en slachtmoanne,- yn 1954 op selle-, gers-, hea- en slachtmoanne. De jgg. 4-5 bistiene beide út twa dûbelnûmers, yn 1955 fan elkmes 32 siden, datearre op foarjiers- en wynmoanne,- yn 1956 fan 49 en 48 siden, datearre op blomme- en wintermoanne. Jg. 6 bistie út twa nûmers fan 24 siden en ien dûbelnûmer fan 56 siden, datearre op haeij- [sic!], hjerst- en wintermoanne.

*Teake Hoekema*